

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-20
Datum indienen vraag : 22 septimber 2021
Naam vraagsteller : Hr. IJ. van Kammen
Portefeuillehouder : Hr. M. de Haan
Ambtenaar : Hr. E de Boer
Datum akkoord college :
Zaaknummer :

Underwerp

Feiligens krúspunt provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de betonwei

Op 22 septimber 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer de feiligens fan it krúspunt provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de betonwei. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Op 12 jannewaris 2021 hat de FNP Achtkarspelen fragen steld oer de feiligens fan it krúspunt provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de betonwei.

Op 2 febrewaris hat it kolleezje antwurde dat se it mei ús iens binne dat it in gefaarlike krúsing is.

It kolleezje jout yn de beäntwurding ûndermear oan dat der yn oparbeidzjen mei de provinsje sjoen wurde sil nei de feiligens en de ferkearsbewegingen op dit krúspunt.

Troch de koroanapandemy hat it minder drok west op de wegen. As der yn dizze perioade ûndersyk west hat, soe der in ferkeard byld foarme wêze kinne.

Fragen

1. Hat der oerlis west mei de provinsje oer it krúspunt N369?

A: Ja, der hat meardere kearen oerlis west mei de provinsje.

2. Sa ja, wat binne de útkomsten fan dat oerlis?

A: Yn dat oerlis is besletten om as earste stap in ûndersyk (sjoch antwurd op fraach 3) te dwaan wat it krúspunt Reitsmastrjitte/N369 oanbelanget.

3. Hat der yn dizze perioade ek ûndersyk west nei de feiligens en de ferkearsbewegingen?

A: De ferkearssitewaasje is mei in drone letterlik yn byld brocht, mei as doel mear ynsicht te krijen yn de omfang en oarsaak fan de ferkearsstreamen en dêrmei de problematyk dúdlik te krijen. It ûndersyk is útfierd op tiisdei 22 juni 2021 yn sawol de moarnsspits as de jûnsspits. Ferkearsbewegingen, snelheid, wachttiden en ferkearssitewaasjes binne yn it ûndersyk meinommen.

4. Sa ja, wat binne dan de útkomsten dêrfan?

A: Wy binne mominteel mei de provinsje al fierhinne mei it ôfrûnjen fan de analyze fan de útkomsten fan it drone-ûndersyk. De analyze sil mids oktober klear wêze. Ynkoarten sille wy de útkomsten mei Pleatslik Belang Harkema besprekke om te sjen oft dy oerienkomme mei de lokale befinings. Nei dat oerlis sjogge wy mei de provinsje hokker ferfolchstappen nedich binne. De gemeenteried sil dêr meidertiid oer ynformearre wurde.

5. Is it kolleezje it mei ús iens dat der troch de koroanapandemy miskien net in goede byldfoarming wat drokte en feiligens oanbelanget plakfûn hat?

A: It kolleezje is it dêr net mei iens. Underdiel fan it ûndersyk wie in ferliking van dizze spesifike dei mei in reguliere tiisdei, yn dit gefal yn 2019. It die bliken dat nettsjinsteande de Corona én it wurk oan 'e dyk by Rottevalle, de útkomsten fan it drone-ûndersyk mei wissichheid represintatyf binne.

6. Is Pleatslik belang Harkema ek belutsen by dizze útkomsten?

A: Pleatslik Belang Harkema is op 'e hichte fan it ûndersyk. Der is ek al kontakt west foar it meitsjen fan in ôfspraak om de útkomsten fan dizze earste stap mei harren te bepraten. Der is by de meast resinte wurkbesite fan it kolleezje oan Pleatslik Belang troch PB oandacht frege foar dizze sitewaasje

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer